



## “Ik wurd net troch de Russen betelle”

George Woodham | Datum: 5 febrewaris 2026



Gabor Landman | mkfotografie

**Oekraïne-kritikus docht oanjefte tsjin direkteur De Balie nei ûnfundearre beskuldiging**

Gabor Landman, oprjochter fan de stifting European Language Rights dêr't er him mei ynset foar gelikense taalrjochten, is der troch de direkteur fan debatsintrum De Balie, Yoeri Albrecht, fan beskuldige betelle te wurden troch de Russyske geheime tsjinst FSB. Dat barde neidat er by in publyk debat kriteyk utere hie op Oekraïne, dêr't de Russyske taal swier ferhûddûke wurdt. Albrecht

seit him te basearjen op ynformaasje fan ûndersykskollektyf Bellingcat, mar likefolle hy of Bellingcat komt mei in ûnderbouwing. Landman sels ûntkent de oantiging op 'en klearsten en hat fanwegen smaad en kwealaster oanjefte tsjin direkteur Albrecht dien. “Ik tink dat er dat gewoan betocht hat om my te beskeadigjen.”

“Oekraïne fjochtet net foar de frijdom fan Europa!”, klinkt it út de kiel fan Gabor Landman. Hy sit dan noch yn it publyk yn debatsintrum De Balie yn Amsterdam, mar sil koart dêrnei út de seal ferwidere wurde. It is 11 desimber 2025 en ûnder lieding fan direkteur Yoeri Albrecht wurdt der sprutsen oer Oekraïne. Landman is oanwêzich, om't er him as oprjochter fan de stifting European Language Rights soargen makket oer de wize wêrop't Oekraïne omgiet mei de rjochten fan taalminderheden.

Dy jûn klinkt der yn De Balie lykwols inkeld en allinnich lof en stipe foar dat lân. De temajûn wurdt mei organisearre troch de stifting Protect Ukraine en foar in goed folle seal laif striimd op ynternet (sjoch link ûnderoan dit artikel). Oan de desk sitte de auteurs Tommy Wieringa en Jaap Scholten. Tegearre binne hja yn oparbeidzjen mei dokumentêremakker Hans Pool nei Oekraïne tein foar it meitsjen fan de twadielige dokumintêre *Konvooi* (2025). Hja reizgje dêryn mei mei in konfoai fol helpguod en militêr materieel dat oant likernôch de frontliny fan de oarloch yn Oekraïne rikt. Oan 'e tafel sitte fierders noch: Juliet Broersen, fraksjefoarsitter fan Volt Amsterdam. Yn 'e rin fan dy jûn waarden filmkes toand út Konvooi om it petear oan 'e tafel mei oan te wakkerjen. Nei't ien fan dy filmkes toand wie, in fraachpetear mei in Oekraynske frou, reagearret Gabor Landman: “Der steane nazysymboalen op dat filmke. Skamje jimme jimme net?”, ropt er út de seal wei.

Landman stelt dat er him net langer ynhâlde koe. “Ik seach hiel dúdlik dat in frou op har T-shirt in SS-teken hie,” ferklearret er oan De Andere Krant. “In SS-Odalrune: in nazyteken. Ik stiek doe myn hân op, mar der waard net op reagearre. Dêrnei hie dat frommiske fan Volt noch fjouwer, fiif minuten in lofsang oer hoe geweldich oft Oekraïne wie, wêrnei't it publyk applaudisearre. En doe ha ik in oare miening utere. Yn stee dat ik applaudisearre, ha ik út in inerlike morele oertsjûging wei sein: ‘Oekraïne fjochtet net foar Europeeske wearden. En der steane nazysymboalen op dat T-shirt. En jimme moatte jimme skamje dat jimme nazysymboalen eins samar gewoanwei tentoanstelle.’”

Landman wiist op it feit dat yn Oekraïne iepenlik faksistyske groepearings warber binne, mar tidens de debatjûn kriget er net de gelegenheid dat op it aljemint te bringen. “Ik krige in warskôging om my stil te hâlden. Dat die ik ek. Mar foar my siet in man dy't mei my yn petear gong. Ik liet him op myn tillefoan sjen dat it echt in nazysymboal wie. Doe gongen Tommy Wieringa en Jaap Scholten stean en sy hawwe my nei bûten ta begelaat. Wylst ik stean gong, waard ik troch de man dy't njonken my siet echt fol skopt. Dat kinst ek op de lûdsopname hearre. Dêrnei waard ik nei bûten laat troch in frommiske fan De Balie. Ik wurke foar 100 prosint mei en wie fierders ek fatsoenlik.”

Nei't Landman de seal útwurke is, meldt direkteur Albrecht oan it publyk en de sjoggers op de laifstriim: “... Ik ha it neifreegje litten by myn freonen fan Bellingcat en dizze man wurdt betelle troch de FSB (de Russyske geheime tsjinst - red.) om hjir te sitten. Om tsjinwerpings te meitsjen. Hy sit altiten hjir op de jûnen as it oer Oekraïne giet. En dan beweart er altyd dat de Oekraïners nazys binne. We steane bêst foar in iepen debat, mar ik bin der net spesjaal foar om lju oan it wurd te litten dy't betelle wurde troch de FSB om hjir in oar narratyf te poatsjen en te plantsjen.”

“Albrecht hie gewoan sizze kinnen fan ‘Ach, dy fint is in domme idioat. Wy stjoere him fuort’”, seit Landman. “Mar dat ik sa neitrape wurdt en dat er dan dêr noch efkes seit dat ik foar de Russyske geheime tsjinst wurkje soe, dat fyn ik net normaal.”

Landman skoot de beskuldiging fier fan him en fersekeret dat er perfoarst net foar de Russyske oerheid wurket. Op de fraach hoe't er tinkt dat Albrecht by syn oantiging komt, seit er: “Ik tink dat er dat gewoan betocht hat om my te beskeadigjen. En om my op dat momint mei it ien of oar te assosjearjen en myn stânpunt dêrmei fertocht te meitsjen.”

Gabor Landman, dy't sels in Ongerske en Fryske eftergrûn hat en as oersetter en tolk wurket, komt mei syn stifting European Language Rights op foar talen fan minderheden yn Europeeske lannen. Neffens him is Oekraïne bewust oan 'e gong minderheidstalen lykas it Russysk, Ongersk en Roemeensk te ferhûddûkjen. “Troch de oarloch mei Oekraïne binne de taalrjochten fan minderheden hjoed-de-dei in bytsje yn in taboesfeer rekke. Dat fyn ik ôfgrysliden slim. Se hawwe it ûnderwiis yn Oekraïne yn oare talen ea al ris ferbean. Dan hiene se wetten datst op de radio net yn in oare taal sjonge meist. In protte fan dy wetten binne wol wer ynlutsen, mar it is gewoan te gek foar wurden. En dat lân is nota bene kandidaat-lid fan de Europeeske Uny. Der is no yn Oekraïne noch hieltyd in wet dy't ferplichtet dat as immen dyn winkel ynkomt, de klant earst yn it Oekraynsk oansprutsen wurde moat. Foar minsken dy't in lytse kwetsbere minderheidstaal prate, bygelyks it Ongersk, is dat in ramp, want dy dogge dêrtroch oan selssensuer.”

It fertochtmeitsjen fan Landman troch De Balie-direkteur Albrecht hat ek bûten de debatseal effekt. Ien fan de sjoggers fan de laifstriim meldt op it sosjale mediaplatform foar saakkundigen, LinkedIn: “Fantastysk om te sjen hoe't

Kremlintrol Gabor Landman ... út de Balie setten wurdt. Goed dien, minsken.” It berjocht kriget tritich ‘likes’. Yn de fêste mediums galmet it ferwyt fan Albrecht oan it adres fan Landman nei. It AD kopt op 12 desimber: “Man ‘dy't betelle wurdt troch de Russen’ fersteuret oarder op gearkomste fan Twintske skriuwers”, it berjocht wurdt dyselde deis en mei deselde kop ek by AD-dochters Tubantia en De Gelderlander pleatst.

Bewiis foar de oantiging rjochting Landman, leveret Albrecht dy jûn yn De Balie net. Albrecht wie “net beskikber” om De Andere Krant te wurd te stean, stelt in wurdfierster fan it debatsintrum oer de tillefoan. Sjoernalistyk platfoarm Bellingcat is troch ús ek oer de e-post benadere foar kommentaar, mar fan harren kaam gjin reaksje.

De ynsinujaasje is Landman net yn 'e kâlde klean hingjen bleaun. Hy tinkt dat it him yn it paad sitte kin as er prosedearret foar de taalrjochten fan minderheden. “Sjoch, in rjochtbank is fansels nea 100 prosint ûnôfhinklik. Op it momint datst delsetten wurdst as in soarte fan Russyske trol of immen dy't troch Ruslân betelle wurdt... Hokker rjochter sil dan syn nekke noch útstekke? It is gewoan min foar dyn reputaasje. As immen sa'n beskuldiging docht, dan kin soks hingjen bliuwe. Dat kin trochresonearje. Ik moat dy leagen gewoan ûntkrêftigje.”

Landman hat op 21 jannewaris oanjefte dien tsjin Yuri Albrecht fanwegen smaad en kwealaster.

[dakil.nl/landmanverwijderd](https://dakil.nl/landmanverwijderd)

[dakil.nl/bellingcat-financiering](https://dakil.nl/bellingcat-financiering)

**Plak fan frij debat no sprekbuis NAFO?** Gabor Landman stelt dúdlik te sjen dat De Balie net langer in ûnpartidich platfoarm foar debat is. Mids 2023 liet De Balie in troch Oekraynske soldaten bútmakke Russyske tenk tentoanstelle op it

